

**Ûnderwerp** : Gebietsûntwikkeling Hegewarren  
**Beliedsprogramma** : Feangreide  
**Registraasjenûmer** : 01967963  
**Portefûljehâlder** : Douwe Hoogland

**Behanneljend  
amtner** :

**Oanlieding** : Op 27 novimber 2019 hawwe jimme Steaten fêststeld dat in yntegrale gebietsûntwikkeling fan de Hegewarren kânsryk is en de byhearrende startnotysje fêststeld. Jimme joegen it kolleezje fan Deputearre Steaten opdracht om mei in ôfslutend ûndersyk (ferkenning) nei de helberheid útein te setten, yn 'e mande mei it Wetterskip Fryslân en de gemeente Smellingerlân. Yn de draachwiidte fan it ûndersyk is ek de helberheid fan in farwei Drachten meinommen.

Neffens de startnotysje hawwe wy dat yn nauwe gearwurking mei de omkriten yn in ko-kreaasjeproses dien. De bewenners, omwenners en brûkers fan it gebiet kenne de polder it bêste en ûnderfine de measte ympakt fan it proses.

Wilens is de ferkenning fan de gebietsûntwikkeling klear en lizze wy de útkomsten foar in twadde kear oan jimme foar; by de behanneling yn april II. besleaten jimme dat jimme earst in beslút oer de farwei Drachten nimme wolle en oangeande de Hegewarren in bredere ûnderbouwing foar de koers fan de gebietsûntwikkeling wolle.

**Europeeske kontekst** : Yn it lanlike klimaataakkoart út 2019 wie, as útwurking fan it Klimaataakkoart fan Parys út 2015, it weromkingen fan de útstjit fan broeikasgassen yn Nederlân mei 49% yn 2030, útgeande fan 1990-doelstelling. Yn it nije regearakkoart is dy doelstelling wilens fan 49% nei 60% oanskerpe. Dy nije ynsichten wurde fierder útwurke en liede, sa wurdt ferwachte, ta in werhifking fan de folsleine reduksje-opjefte foar feangreide en de ferdieling dêrfan oer de ûnderskate provinsjes. Dy nije opjefte wurdt ûnderdiel fan de ramtstelling fan it Nasjonaal Programma Lanlik Gebiet (NPLG). Dy ferfrissing makket it mooglik om de opjeften en ambysjes yn it feangreidegebiet yntegraal oan te pakken en de middels fan it NPLG breed en yntegraal ynsette te kinnen. Yn it NPLG wurde de ynternasjonale ferplichtings op it mêd fan stikstof en natuerferbettering, wetter (KRW) en reduksje fan broeikasgassen (klimaataakkoart) útwurke nei doelen de provinsje. Dat omfettet ek de doelen foar de feangreidegebieten. Dy útwurking nei doelen foarmet de basis foar de ferdieling fan de middels út it transysjefûns (€ 25 miljard). De planning is dat it ûntwerp-NPLG fan 't hjerst troch it kabinet fêststeld wurdt.

Foar de gebietsûntwikkeling Hegewarren binne ferskate Europeeske subysdzjes yn byld, lykas middels út it Mienskiplike Lânbou Belied (GLB) en LIFE.

**Koarte gearfetting** : De Hegewarren is in ûntwikkelgebiet yn it Feangreideprogramma 2021-2030. Neist de feangreideproblematyk lizze der ferskate oare opjeften en kânsen. De fraach dy't nei foarleit, is wat 'de maatskiplik meast optimale ynrjochting' fan it gebiet is. Dat is yn in saneamd ko-kreaasjeproses ûndersocht, wêryn't de omkriten in sterke rol spile hat by it betinken fan oplossings foar it gebiet. In ko-kreaasjeteam fan oanbelangjenden hat twa foarkarsalternativen foar de takomst fan de Hegewarren oanbean. Oan PS wurdt no útsteld om ta it alternatyf 'Iepen en Natuerlik' te besluten as útwurkingsrjochting foar de takomst. Dêrmei set de planfaze diel 1 yn 'e mande mei de gemeente Smellingerlân en it Wetterskip Fryslân útein. Wy wurkje yn faze 1 it plan ynhâldlik fierder út, ûndersykje hoe't wy de businesscase sluted meitsje kinne en riede de prosedurele stappen ta dy't foar útfiering nedich binne. Op basis dêrfan meitsje de partijen yn 2024 definitive ôfspraken oer de realisaasje en ferdieling fan kosten en risiko's by it go/no-go beslút.

**Beslútpunten** : PS beslute:  
Oer de Hegewarren:

- a. it alternatyf 'Iepen en Natuerlik' as útwurkingsrjochting fêst te stellen;
- b. mei de planfaze (diel 1), yn gearwurking mei Wetterskip Fryslân en de gemeente Smellingerlân útein te setten;
- c. taheakke begruttingswiziging fêst te stellen.

**Taheakke** : 1. PS-brief stân fan saken gebietsûntwikkeling Hegewarren  
2. PS-útstel Iepen en Natuerlik  
3. Bysluter yn tabelfoarm  
4. Memo finansjele ûnderbouwing  
5. Begruttingswiziging  
6. Einrapport Ko-kreaasje  
7. Taheakkerapport Ko-kreaasje  
8. Gearwurkingsôfspraken

**Taljochting** :

**Kontekst** : Eardere beslútfoarming

### **Partneroerheden**

Yn april 2022 hawwe it Algemien Bestjoer (AB) fan it Wetterskip en de gemeenteried fan Smellingerlân frijwol unanym keazen foar lepen en Natuerlik as útwurkingsrjochting foar de Hegewarren. Yn de PS-brief mei de stân fan saken 02008193 is dat neier taljochte.

### Oanpak Fryske feangreiden: Feangreidefisy en -programma

Yn 2015 is de Feangreidefisy opsteld om te kommen ta in duorsume takomst fan it Fryske Feangreidegebiet. Yn de fisy is in foarset foar kânsrike gebieten jûn, dêrûnder it Nationaal Park en Natura 2000-gebiet De Alde Feanen. Letter is dat de Hegewarren wurden en is it gebietsproses om yn 'e mande mei oare oanbelangjende partijen te kommen ta in gebietsplan úteinset.

Yn maaie 2021 is it Feangreideprogramma 2021-2030 fêststeld. Binnen it Feangreideprogramma is de Hegewarren oanwiisd as in ûntwikkelgebiet, krekt as Aldeboarn – De Deelen. Dat binne gebieten dêr't maatskiplike enerzjy is, ynhâldlik en finansjeel in soad kânsen lizze, én budzjet beskikber is om oan 'e slach te gear.

### Bestjoersakkoart / farwei Drachten

Binnen de gebietsûntwikkeling Hegewarren is ek de helberens fan in mooglik nij trasee fia de Hegewarren foar de farwei Drachten ûndersocht. Yn it Bestjoersakkoart is opnommen dat in beslút oer de farwei allinne oan 'e oarder is as der synergy mei de kânsen foar it gebiet is.

De útkomsten fan it helberensûndersyk nei in nij trasee binne foarôfgeand oan dit stik yn de gearkomste fan septimber 2022 oan jimme foarlein. DS stelt út om gjin farwei fia de Hegewarren te realisearjen.

### Oankeapproses

Op 25 novimber 2020 hawwe jimme besletten om € 15 miljoen fan de € 22 miljoen oan Fryslân takende Ympulsjilden fan it Ryk oan de Hegewarren ta te kennen. Doel fan dy regeling is it ferminderjen fan CO2 útstjit en it sakjen fan de grûn yn feangreidegebieten. Omdat de boeren yn it gebiet al hiel lang om dúdlikens oer harren takomst fregen, is doe besletten om, foarútrinnend op de planfoarming yn de Hegewarren, útein te setten mei it oankeapproses. Dêr is in útfieringskredyt fan € 30 miljoen beskikber foar steld, û.o. fia in foarfinansiering fan € 14 miljoen. Nei de earste faze fan de planfaze wurdt dúdlik oft it yndie mooglik is om – sa't it stribjen is – de businesscase slutend of posityf te krijen. As dat sa is, dan wurdt de foarfinansiering net opbrûkt (dy wurdt folslein weromfertsjinne). Mocht it mooglik wêze om mei in posityf

saldo ôf te sluten, dan is ôfpraat dat it jild nei it Feangreideprogramma giet (in gongmakker).

Wy ynformearje jimme Steaten twa kear jiers oer de fuortgong fan it oankeapproses. De lêste stân fan saken krije jimme tagelyk mei dit útstel (taheakke 6).

### Stikstof

Stikstof hat in negative ynfloed op it bioferskaat yn de Natura2000 gebieten. Yn juny II. hat it Ryk bekend makke yn it ramt fan it Nasjonaal Programma Lanlik Gebiet (NPLG) in sterkere reduksje fan stikstof nei te stribjen as dêr't yn ús eigen Utfieringsprogramma Stikstof Fryslân (UPS) rekken mei hâlden wie. De lizzing fan de Hegewarren, deun tsjin it stikstofgefoelige Natura 2000-gebiet De Alde Feanen oan, betsjut dat it ferminderjen fan de stikstofútstjit yn de Hegewarren in wichtige opjefte is.

Yn it alternatyf lepen en Natuerlik makket de melkfeehâlderij yn it gebiet plak foar wetter, sompe, natuerlik gerslân of rekreaasje. Dêrmei ferminderet de stikstofútstjit mei 99%, útgeande fan de situaasje sa't dy no is. Yn it alternatyf Polderakwarel is de ferwachte fermindering likernôch 83%.

### Projekt Aldegea oan it Wetter

By Aldegea wurdt ûnder oare nij wetter realisearre fia it projekt Aldegea oan it Wetter. Dat is ûnderdiel fan de gebietsoanpak 'Eastlike Poarte Fryske Marren' (OPFM), mei as doel Drachten better op de Fryske marren oan te sluten.

It alternatyf lepen en Natuerlik slút rekreatyf sjoen by de deselde ambysje oan, troch it fuortsterkjen fan de relaasje mei it wetter en it gebiet op dy wize foar sawol wetter- as ferbliuwsrekreaasje oantrekliker te meitsjen.

It alternatyf Polderakwarel biedt gjin grutte mearwearde foar de wetterrekreatant, omdat it gebiet relatyf sjoen mar in bytsje feroaret. It alternatyf biedt benammen kânsen foar de rekreatant op it lân mei de mooglike oanlis fan nije kuier- en fytsrûten.

### Nationaal Park De Alde Feanen

It Nationaal Park ('NP') wie yn it ko-kreaasjeteam fertsjintwurdige en hat op dy wize yn it proses partisipearre. It NP hat yn syn bydrage hieltyd de klam lein op feilichheid op it wetter, natuer en it belibjen/de identiteit fan it gebiet. Yn it oanwizen fan sônes foar rekreaasjewenten en -arken (oan de súdkant) is yn lepen en Natuerlik oansluting by de Feanhoop socht en net by De Alde Feanen, omdat de rekreaasjedruk dêr al te heech is en yn De Alde Feanen dy druk krekt fermindere wurde moat.

De winsk is útsprutsen om de Hegewarren ûnderdiel fan it Nationaal Park wurde te litten. Dêr is yn it ferline faker oer praat en doe is der net foar keazen. By in nije ynrjochting fan it gebiet soe dêr lykwols dochs noch foar keazen wurde kinne.

Dy opsje wurdt meinommen yn it ûndersyk 'Nationaal Park nije styl'. Dêrmei wurdt de Hegewarren net automatysk ûnderdiel fan it Natura 2000-gebiet. Dat is ek sa tasein yn de PS-gearkomst fan 20 april 2022.

### Moasjes en tasizzings

Moasje/ tasizzing 2176:

*"In de scope wordt de mogelijkheid van het ontvlechten van beroepsvaart en recreatieverkeer op de vaarroute naar Drachten meegenomen. Daarbij wordt het bevaarbaar maken van de route over de Ald Headamsleat, met een korte doorsteek door de Hegewarren, bekeken."*

Yn it ko-kreaasjeproses hawwe ferskate mooglikheden foar nije rekreative wetterferbinings troch de Hegewarren oan 'e oarder west. Yn it alternatyf lepen en Natuerlik wurdt foarsjoen yn twa trochgongen út de Alde Feanen wei troch de Hegewarren. Dêrmei wurdt ek foarsjoen yn in alternative rûte foar rekreatyf ferkear om de beropsfarwei troch De Alde Fean foar in part te mijen.

By de behanneling fan it ûnderwerp yn april 2022 binne troch it bestjoer fan it Wetterskip, de ried fan de gemeente en jimme Steaten ferskate moasjes yntsjinne. Alle moasjes binne yn de bysluter opnommen (taheakke 3). Ek is oanjûn hoe't der yn de planfaze mei omgien wurdt, hokker optimalisaasjes winske binne en hokker ramten hantearre wurde moatte.

Omdat der in soad fragen mei in finansjele komponint wiene, is der in finansjele memo opsteld (taheakke 4).

## **Probleemstelling**

: De Hegewarren is in feanpolder, dy't tsjin de grinzen fan it Nationaal Park De Alde Feanen oanleit. Yn de ôfrûne jierren hat bliken dien dat der in duorsume takomst foar it gebiet fûn wurde moat mei gâns hegere grûnwetterstannen. De besteande situaasje is net takomstbestindich. Der is sprake fan dat de grûn sakket en emisje fan CO2 troch feanoksidaasje. Boppedat liedt de hjoeddeistige ynfolling fan it gebiet ta negative effekten op it neistlizzende Natura 2000-gebiet De Alde Feanen. It natuergebiet is gevoelig foar de útstjit fan stikstof en ferdrûgjen. Dêrneist binne de kosten foar wetterbehear (om de polder yn stân te hâlden) relatyf heech. De ferwachting is dat dy kosten troch it fierder sakjen fan de grûn ek fierder tanimme sille.

## **Probleemanalyze**

: Feangreide  
De grûn fan de Hegewarren bestiet út in feanpakket fan trochsneed twa meter. Trochdat de grûnwetterstannen foar agrarysk gebrûk keunstmjittich leech hâlden wurde, drûget it fean út en oksidearret it. Dêrtroch sakket de grûn. Sûnt de ynpoldering yn de jierren 60 en 70 is de Hegewarren goed in heale meter sakke. Boppedat komt der CO2 frij by de oksidaasje fan it fean, en dat is yn it ramt fan de klimaatdoelstellingen net winsklik. As it hiele feanpakket oksidearje soe, komt it meanfjild op likernôch 2,5 m ûnder it

nivo fan de boezem (3 – 3,5 m ûnder de kade). Alle jierren stjit it gebiet 8300 à 9400 CO2-ekwivalinten út (Taheakkerapport Ko-kreaasje Hegewarren, taheakke 7).

#### Takomstperspektyf

It hjoeddeistige wetterbehear en lângebrûk biedt, mei troch it ferlet fan relatyf drûge grûnen, gjin duorsum takomstperspektyf foar de brûkers fan hjoed-de-dei (wilens ek foar in part eardere brûkers). Hegere wetterpeilen freegje om in oare agraryske bedriuwsfiering. De hjoeddeistige boeren sjogge dat foarearst net sitten en geane leaver út it gebiet wei, mei omdat dêr mear spilet as allinne de feangreideproblematyk. De boeren yn it gebiet ferwachtsje boppedat dat de draachkracht fan it gebiet by it ynstellen fan in heger peil sterk ôfnimt. De no beskikbere romte om wetter tydlik te bergjen yn parten fan de polder mei legere peilen ferdwynt, wêrtroch't it langer duorret foardat it gebiet wer drûch genôch is om te begaan (de ynterne wetterberging ferdwynt).

#### Analyze

Dé útdaging foar it gebiet is om in duorsume takomst te finen mei gâns hegere grûnwetterstannen, mei in op hegere peilen ôfstimd takomstbestindich gebrûk en behear. Mei hegere peilen wurde it sakjen fan de grûn, de CO2-útstjit en it ferdrûgjen fan it omlizzende gebiet fertrage of opkeard. Boppedat ferminderet de stikstofútstjit gâns by in oare funksje fan it gebiet.

#### **Doelstelling / beëage effekten:**

: De kearn fan de opdracht út de startnotysje wie 'ynsette op in yntegrale gebietsûntwikkeling foar de polder' en it sykjen nei in 'maatskiplik meast optimale' ynrjochting fan de Hegewarren. It doel wie dus net allinne it realisearjen of it nimmen fan needsaaklike maatregels yn it ramt fan de feangreideproblematyk. It doel wie om ek te ûndersykjen oft it mooglik wie om oare winske yngrepen te kombinearjen. En troch yntegraal te sjen nei de problematyk, ek de kânsen foar it gebiet optimaal te benuttigjen.

Jimme leine der ek de klam op dat it ôfslutende ûndersyk nei de gebietsûntwikkeling yn nauwe gearwurking mei bewenners en ûndernimmers yn de Hegewarren útfierd wurde moast.

De opdrachtjouwende oerheden hawwe by it úteinsetten fan it ko-kreaasjeproses rânebetingsten en doelstellings meijûn oan it ko-kreaasjeteam. De rânebetingsten binne as minimale easken meijûn. Dêrneist binne út it ko-kreaasjeteam wei tema's oandroegen. Dy binne gearfetsjend werjûn yn in ôfwaachramt yn de 'Bysluter' (taheakke 3) en 'Einrapport Ko-kreaasje Hegewarren' (taheakke 6).

#### **Risiko's**

: Konsensus oer rollen en ferantwurdlikheden berikke  
Wy geane yn dit projekt te wurk as ien oerheid. Elke partij út it mienskiplike belang wei, mar ek út eigen doelstellingen wei. It is wichtich dat partijen konsensus berikke oer de

oplossingsrjochtings en de finansiering. It krijen fan sa'n konsensus kin ekstra tiid freegje foar ûnderhanneling en ôfstimming.

Om dat risiko te behearskjen en in plak te jaan is útsteld om de planfaze yn twaen te dielen. It earste part is bedoeld om de oplossingsrjochting neier út te wurkjen en ta in stevigere ûnderbouwing fan it realisme te kommen, mar ek om ûnderlinge ôfspraken yn in gearwurkingsoerienkomst fêst te lizzen. It twadde part is de útfiering, dêr't op 'en nij in beslút ta nommen wurde sil op basis fan de útkomsten fan diel 1 fan de planfaze.

### NPLG

De oankundige oanskerping fan stikstofreduksjedoelstellings út it NPLG wei kin fan ynfloed op it oankeapproses wêze: goede 'lâningslokaasje', dêr't de oanbelangjenden duorsum nei ta ferpleatse kinne, wurde dêrmei krupper. Dat kin in priisopdriuwend effekt hawwe. Wy hawwe de oanbelangjenden ynformearre dat de provinsje de lanlike oanpak net stipet. Wy sjogge op it stuit yn 'e praktyk noch gjin effekten.

### Unwissichheden troch de oarloch yn Oekraïne

Troch de oarloch yn Oekraïne hawwe wy op it stuit mei inkelde ûnfoarsjoene ûnwissichheden te krijen. Wy hawwe te krijen mei ekstreme priisferhegings yn ûnder oare de bousektor en de oarloch is fan ynfloed op de wize wêrop't wy mei fossile brânje omgeane.

Omdat it in spesifike situaasje is, hoopje wy dat dy ynfloeden oer in pear jier foarby binne, mar dat is dreech te foarsizzen. Wy sille yn 2024 better sicht op de situaasje hawwe. Yn de finansjele memo (taheakke 4) is der neier op yngien.

Mooglik is it ek fan ynfloed op de winningslokaasje fan Vermilion en it petear mei harren oer de mooglikheden om de útfiering fan de gebietsûntwikkeling mear te gong te jaan. Wy sette it petear mei harren yn de kommende faze fuort.

### **Probleemoplossing**

: It ko-kreaasjeteam hat nei in wiidweidich proses twa reële en ûnderskiedende alternativen foar de Hegewarren foardroegen (beskreaun yn taheakken 1 o/m 4): Iepen en Natuerlik en Polderakwarel.

Beide alternativen foldogge oan de rânebetingsten dy't yn foar meijûn binne. It alternatyf Iepen en Natuerlik wit lykwols de measte doelstelling te ferienigjen.

Wy stelle dêrom út om Iepen en Natuerlik te kiezen as útwurkingsrjochting foar de takomst fan de Hegewarren.

Mei in kar foar dat alternatyf stiet it gebiet oan it begjin fan in yngripende feroaring: it plan hâldt yn dat de polder foar it grutste part ta sompenatuer en iepen wetter omfoarme wurdt. It wetterpeil wurdt ferhege nei boezempeil en lâns it Grytmansrak efter hotel Ie-Sicht wurdt it 'eilân' ophege. Sa binne der frijwol gjin polderkaden mear nedich. It wetterrike



lânskip wurdt ynset om de natuer en ferskate foarmen fan rekreaasje fuort te sterkjen. Nije rekreative farferbinings tusken de Kromme Ie en de Grutte Krite meitsje dit alternatyf ek op regionale skaal ynteressant. De wurdearring foar dit alternatyf is basearre op de rêst, de romte, de rekreative plus en der is each foar it feit dat in soad maatskiplike doelen helle wurde.

Iepen en Natuerlik represintearret de meast takomstbestindige ynrjochting, benammen yn it ljocht fan it oanskerpe klimaat- en stikstofbelied. It is dêrneist it iennige alternatyf dat gâns in reduksje fan de kosten foar wetterbehear realisearret. Dat is in jierlikse reduksje, dy't troch it ferdwinen fan it grutste part fan de kaden bliuwend fan aard is.

Dit alternatyf biedt in soad kânsen foar ferbliuws- en wetterrekreaasje. Dat is in tafoege wearde yn de regio en it rekreative konsept Eastlike Poarte Fryske Marren (troch ekstra farrûten en it fuortsterkjen fan de Feanhoop as rekreatyf knooppunt).

Dizze funksje biedt mooglik in nij behear- en fertsjinmodel foar de Hegewarren. Dat is fan belang foar it takomstige behear likegoed as foar de dekking fan in part fan de ynvestearings troch de ferkeap fan rekreaasjewenten en -arken.

It alternatyf biedt ek romte om yn de oergongsperioade, foardat it plan definityf realisearre wurdt, mei gâns hegere peilen te eksperimintearjen.

De finansjele trochrekening jout foldwaande betrouwen dat it alternatyf mooglik (te meitsjen) is en mei de planfaze útein te setten.

Om't der by de politike beslútfoarming frege is om nei passende (en leafst minder) oantallen rekreaasjewennings en -arken te gean, is yn de finansjele memo (taheakke 4) trochrekkene hoe't feroarings fan oantallen en opbringsten yn it einresultaat trochwurkje. Wy konkludearje op basis dêrfan dat it mooglik is om de oantallen oan te passen en dêr yn de planfaze fierder oer yn petear te gean (en te kommen ta oantallen dy't by de skaal en kwaliteiten fan it gebiet passe).

#### **Foarkaroplossing/ Yntegrale ôfwaging**

: Wy stelle út foar Iepen en Natuerlik te kiezen.

By de probleemoplossing is oanjûn wat de waarden fan Iepen en Natuerlik binne. Yn de taheakke 'Bysluter' geane wy detaillearre yn op hoe't 'Iepen en Natuerlik' him ferhâldt ta Polderakwarel en de rânebetingsten en doelstellingen.

As wy Iepen en Natuerlik mei Polderakwarel ferlykje, sjogge wy dat Polderakwarel minder geunstich skoart op de doelstellingen en dêrmei net robúst is yn it ljocht fan (mooglike) takomstige opjeften (CO<sub>2</sub>, stikstof, it ferdrûgjen, wetterbehear). De besteande problematyk wurdt allinne mar fertrage, wêrtroch't wy it risiko sjogge dat it gebiet op 'en nij



mei (oanskerpe) opjeften te meitsjen kriget en (op 'en nij) in opjefte om op 'en nij yn te rjochtsjen. Dêrfoar hat it as wichtige wearden it behâld fan it iepen polderlânskip, it blaugerslân en kultuerhistoaryske eleminten.

## Alternativen

### Polderakwarel

Wy riede jimme ôf om foar Polderakwarel te kiezen. Foardiel fan dy fariant is it behâld fan wearden dy't yn Iepen en Natuerlik (foar in part) ferlern geane en it risiko op ôffallers yn de útfiering is minder grut omdat it op 'en nij yn rjochtsjen minder yngripend is. Neidiel is dat der rekken hâlden wurde moat dat der op 'en nij kosten makke wurde moatte omdat der op termyn dochts noch yngrepen nedich blike te wêzen. It kiezen fan in alternatyf mei safolle mooglik romte om oanskerpings fan beliedsopjeften op te fangen (in robúste kar, lykas Iepen en Natuerlik), is wichtiger as by de oanfang fan it ko-kreaasjeproses achte waard.

Dêrneist is it sa dat de gemeenteried fan Smellingerlân en it Algemiene Bestjoer fan Wetterskip Fryslân yn april 2022 Iepen en Natuerlik as útwurkingsrjochting foar it gebiet keazen hawwe. As jimme Steaten in foarkar foar Polderakwarel hawwe, dan sil op basis fan de argumintaasje fan dy foarkar op 'en nij mei de partners en de omkriten (ko-kreaasjeproses) praat wurde moatte om oerienstimming te berikken oer wat de bêste útwurkingsrjochting foar it gebiet is. Yn dizze faze, wêryn't in kar foar in útwurkingsrjochting fan in yntegraal projekt foarleit, wage de stimmen fan de trije partijen like swier. Dat sil gâns opûnthâld en dêrmei ûnwissens foar de bewenners fan it gebiet mei him meibringe.

### Gjin kar

It is ek mooglik om gjin kar te meitsjen foar ien fan beide farianten. It is lykwols wol needsaaklik om de grûnwetterstân te ferheegjen en as gefolch dêrfan op in ekstinsivere foarm fan lânbou oer te gean. Sa foldogge wy teminsten oan de easken dy't by de takende LNV Ympulsjilden (€ 15 miljoen) foar de reduksje fan CO<sub>2</sub> útstjit en it sakjen fan de grûn hearre. Wy riede dy opsje ôf omdat der bettere yntegrable oplossings foarhannen binne dy't helber binne en oantreklik(er) foar de omkriten. Boppedat jildt dêrby ek, dat der, sa wurdt ferwachte, op 'en nij kosten makke wurde moatte omdat der op termyn dochts noch yngrepen nedich binne.

## Útfiering

### : Diel 1 fan de planfaze

De ferfolchstap yn dit projekt is it úteinsetten mei diel 1 fan de planfaze. As jimme Steaten neffens it útstel foar Iepen en Natuerlik kieze as útwurkingsrjochting foar it gebiet, dan is der oerienstimming oer de oanpak en de gearwurkingsôfspraken (sjoch taheakke Gearwurkingsôfspraken).

It mienskiplike projektteam fan de provinsje, Wetterskip Fryslân en de gemeente Smellingerlân pakt de planfaze mei-inoar op.

De draachwiidte fan de planfaze diel 1 beheint him ta it útwurkjen fan it alternatyf 'Iepen en Natuerlik' oer in perioade fan ein 2022 oant medio 2024. It doel fan dizze planfaze diel 1 is om te kommen ta foldwaande ferdjipping op de businesscase en it fierder útwurkjen fan it ûntwerp.

Ut de politike behandeling fan dit ûnderwerp yn april 2022, yn it AB, de gemeenteried en jimme Steaten, kaam de winsk nei foaren om yn te setten op de neikommende line/finansjele strategy:

- ynsette op in slutende businesscase;
- safolle mooglik eksterne fûnsen oanlûke om it plan te realisearjen;
- it plan optimalisearje/minder kosten meitsje;
- sa romte skeppe om ta in passend tal rekreaasjewenten of -arken te kommen.

Yn de planfaze wurde ûnderskate senario's útwurke mei de dêrby hearrende útkomsten fan in businesscase. Dêr sil in kar út rôlje foar de oanbelangjende partijen: yn hoefier't it realistysk is om, sjoen dy winsken, út te kommen op in slutende businesscase.

Wy ferwachtsje dat wy nei it ôfsluten fan diel 1 fan de planfaze yn 'e hjerst fan 2024 by jimme werom komme foar in go/no-go beslút. Dan leit der in definityf plan foar, dêr't it realisme neier fan hifke is.

By it beslút sille wy in gearwurkingsoerienkomst (SOK) opstelle, dêr't wy ôfspraken yn fêstlizze oer de rol fan de oanbelangjende oerheden, ek oangeande de finansiering en risiko's.

Dát beslút is it startpunt fan de romtlke prosedueres, op basis wêrfan't it plan ek planologysk fêstlein wurdt.

Diel 2 fan de planfaze begjint dus earst nei oerienstimming oer de beëage ûntwikkeling fan it gebiet en de ûnderlinge ôfspraken oer it ferfolchproses.

### Omkriten

It ko-kreaasjeproses yn syn oarspronklike foarm wurdt met it foarlizzende beslút ôfsletten. It ko-kreaasjeteam is dan opheft. Yn de planfaze sille wy op 'en mei de omkriten gearwurkje, yn in foarm dy't by de te realisearjen opjeften en fraachstikken past.

### Kapasiteit en finânsjes

De kosten foar it earste part fan de planfaze (proseskosten en

kapasiteit) wurde evenredich oer de trije partijen ferdielt. Dat is yn de gearwurkingsôfspraken fêstlein. DS hat besletten dêr middels beskikber foar te stellen. Om de middels ek foar de ynset fan persoanlik brûke te kinnen, wurdt jimme frege taheakke begruttingswiziging fêst te stellen. It troch de oerheden beskikber stelde budzjet is ramtstellend. Wannear't by mooglike mearkosten it nedich is om it budzjet op te heegjen, sille de oerheden (yn gefal fan de provinsje PS) dêr in beslút oer nimme moatte.

Op it stuit wurde fierder gjin finansjele ferplichtings oangien.

#### Oankeapproses

It proses fan grûnoankeapen, dêr't jimme ein 2020 it budzjet beskikber foar steld hawwe, wurdt trochset. Wilens is goed de helte fan de polder oankocht (185 fan de 360 bunder). It besit fan grûn is beskiedend foar de takomstige ynrjochting, it te folgjen proses en de yn te setten grûnynstruminten. Yn of nei de planfaze kin dúdlik wurde dat in oanpassing fan de oankeapstrategie nedich is.

#### Oergongsbehear

De grûn, dy't oankocht is, moat tydlik beheard wurde yn ôfwachtsjen fan de realisaasje fan de nije gebietsynrjochting. Nei de definitive kar fan in ûntwerpvariant kin der doelbewust ynfolling oan it behear, mei it each op it beëage einbyld, jûn wurde.

Utgongspunten foar it tuskentiidske behear binne yn de gearwurkingsôfspraken fêstlein.

**Monitoaring/evaluaasje** : Wy sille jimme ien kear yn 't heal jier mei in brief oer de stân fan saken fan de gebietsyntwikkeling Hegewarren en de fuortgong fan it oankeapproses ynformearje.

Yn de planfaze wurdt troch it Ynnovaasjeprogramma (ûnderdiel fan it Feangreideprogramma) in monitoeringsplan opsteld. Yn dat plan wurdt oanjûn hoe't de effekten fan de maatregels by de gebietsynrjochting yn byld brocht wurde kinne. Bygelyks oangeande doelstellings as CO2-reduksje en it sakjen fan de grûn.

**Stjoering** : De hjoeddeistige ôfstimmings- en organisaasjestruktuer mei in stjoergroep, in regygroep en in projektteam wurdt yn de planfaze trochset ('Gearwurkingsôfspraken', taheakke 5).

Utgongspunt is dat partijen as ien oerheid nei bûten trede. Dat betsjut dat de rapportaasje oer de fuortgong likegoed as de úteinlike beslútfoarming safolle mooglik tagelyk syn beslach kriget. Dêrby sille partijen út harren eigen rol en belang wei aksinten lizze. Utgongspunt is wol dat der tusken partijen oer de keazen oplossings konsensus bestiet.

**Ferfolchproseduere** : Nei it ôfsluten fan it earste part fan de planfaze lizze wy jimme

yn 'e hjerst fan 2024 in go/no-go beslút foar.

**Oare punten** :

Ljouwert,  
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, sekretaris

## UTSTEL

**Underwerp** : **Gebietsûntwikkeling Hegewarren (01967963)**

### Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 5 july 2022, nr 01967963, oangeande Gebietsûntwikkeling Hegewarren.

Mei it each op

Oerwagende dat : Iepen en Natuerlik:

- a) ien fan de twa ynrjochtingsalternativen is dy't troch it ko-kreaasjeteam itselde wurdearre wurde;
- b) it ynrjochtingsalternatyf is dat de measte doelstellings berikt, fan de provinsje likegoed as fan it Feangreideprogramma foar de lange termyn;
- c) it meast takomstbestindige en yntegrale alternatyf foar de Hegewarren represintearret;
- d) de hjoeddeistige ynformaasje en ferkennings ûnderskriuwe dat dit alternatyf helber (te meitsjen) is en dêrmei de stap nei de planfaze genôch ûnderboud is;
- e) oanslút op de kar fan de gearwurkingspartners: de gemeente Smellingerlân en it Wetterskip Fryslân;
- f) der ôfspraken fêstlein binne oer de gearwurking en finansiering yn de kommende faze (diel 1 fan de planfaze);
- g) alle organisaasjes dêr evenredich oan bydrage;

**Beslute** : a. it alternatyf 'Iepen en Natuerlik' as útwurkingsrjochting fêst te stellen;

- b. mei de planfaze (diel 1) yn gearwurking mei Wetterskip Fryslân en de gemeente Smellingerlân útein te setten;
- c. taheakke begruttingswiziging fêst te stellen.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.G. Rosier, griffier